



Utnoeging presintaasje digitale útjefte Skipsboek Hempenius

De Wurkgroep Maritime Skiednis fan de Fryske Akademy (WMS) en Museum Hylpen nûgje jo fan herte út foar de presintaasje fan de digitale útjefte fan it 'Skipsboek Hempenius' yn it museum Hylpen op snein 17 maart oanstane. Yn dit selde gebou hold stedsskriuwer Johannes Hempenius fan 1715 oant en mei 1717 in administraasje by fan de troch him útjûne skipspapieren. It skipsboek is in prachtige boarne foar historysk ûndersyk om't it ynformaasje jout oer de feart, de produkten, de skippers, de bemanning en de reders of eigers. Dit wiene sawol minsken fan binnen Fryslân (soad út Hylpen sels) as út Hollân (benammen Amsterdam). Tanksij frijwilligers fan de Wurkgroep is dit skipsboek folslein transcribearre en fanôf 17 maart foar in elk tagonklik op de webside fan de Fryske Akademy.

It skipsboek Hempenius bestiet út meunsterrollen wêryn it skip en de bemanning fan de fluit- en smakskippen beskreaun waard. Ut dizze ynformaasje is op te meitsjen, mei hokker skippen brukt waarden, wa de bemanning wie en wat foar funksjes sy hiene en hokker Bestimmungen yn dizze perioade waarden oandien. Njonken meunsterrollen bestiet it skipsboek út rederssedullen. Dizze rederssedullen jouwe ús wichtige en unike ynformaasje oer de Frysk- Hollânske partenrederij. Under de reders fan Hylper skippen wiene tige rike en nijsgjirrige figueren lykas: Joachim Rendorp, Cornelis Calcoen, Andries Pieters van Stavoren, Willem Bredero en Pieter Six. Wa wiene de reders fan dizze skippen en wêr kamen sy wei? Is hjir sprake fan in netwurk fan hannelsrelaasjes?

Dizze middei krije jo in yndruk fan de ynhâld fan it skippsboek Hempenius, de skippen, bemanning en reizen en de nijsgjirrige relaasjes tusken Hylpen en Amsterdam.

It programma:

14.30 Ynrin mei kofje en tee

15.00 Wolkom, Andries Blom en Rob Leemans, út namme fan Museum Hylpen en WMS

15.10 Ynliding skipsboek, Hanno Brand, heechlearaar maritime skiednis

15.20 Presintaasje skipsboek, Jan de Vries en Jelle Jan Koopmans, ûndersikers

16.00 Lanceren digitale útjefte skipsboek, Ties Elzenga, foarsitter Museum Hylpen

16.15 Ofsluting, Rob Leemans en Andries Blom

16.30 Buorrel

17.00 Ofsluting / Buorrel

Hawwe jo belangstelling jou jo dan foar 10 maart op by de sikretaris Jelle Jan Koopmans
jellejkoopmans@gmail.com of telefoannûmer 0651669527. (It belooft drok te wurden dus sûnder

o

p

j

e

f

t

e

r

i

n

n

e

j

o

i

t

r

i

s

i

k

o

f

o

a

r

i

n